


Liturgy foar de tsjinst fan 31 july 2022,
de 7^e snein fan de simmer, yn de
Martinitsjerke te Easterein om 10.00 oere



Tema: "De freugde fan it libben"

pastor:	Anna Marike Dijkstra – van der Woude
âlderling fan tsjinst:	Janke Abma-van der Valk
diaken:	Luuk van der Werk
kears fan ferbining:	Alex Riemersma
oargelist:	Balt de Vries
lektor:	Tynke Joustra
muzikale meiwurking:	Kwartettekoar, ûnder lieding fan Feike van Tuinen
koster:	Geert Dijkstra

Oargelspul foar de tsjinst:

- Ynliedend koraalspul oer Psalm 97 Balt de Vries (1944 - .)

Wolkom

Gemeente giet stean

Sjonge Liet 283: 1 en 2 Yn 'e mannichte fan lûden 1 koar, 2 allegear

1 Yn 'e mannichte fan lûden,
yn it stoarmjen fan 'e tiid,
sykje wy it sêfte sûzjen
fan it wurd dat freugde biedt

2 Rûnom wei, yn dit fermidden
ha wy nei ien boarne socht,
nije dreamen woll'we om bidde
en ús rjochtsje nei it ljocht

tekst Sytze de Vries

oersetting Atze Bosch en Cor Waringa

Bemoediging en groet

Sjonge Liet 283: 4 en 5

4 Lit ús yn jo frede diele,
lit him delkomme as de dau,
wol ús heine yn 'e strielen
fan jo goedens en jo trou.

5 Jo dy't ús by namme neame,
leafde jouwe dei oan dei:
sjongend sille wy Jo eare
en dit hûs sjongt mei!

Gemeente giet sitten

Ynlieding

Oanstekken fan de kears fan ferbining

Kyrië gebed

Kw.koar sjongt: Liet 16b (foar, yn 't midden en oan 'e ein)
Behoedzje my God

Behoedzje my, God, ik fertrou op Jo,
Jo wize de wei nei 't libben.
By Jo is freugde, freugde yn oerfloed.

*Nei Psalm 16 oersetting Auke Steensma
Muzyk Taizé*

Sjonge glorialiet Liet 281: 6 en 8 Jo strieljend antlit, dat ús socht

6 Jo strieljend antlit, dat ús socht,
set hiel ús libben yn jo ljocht.
Amen. Halleluja!

8 Hy giet ús foar en wêr't Hy giet
sjongt al wat is in freugdeliet.
Amen. Halleluja!

*Tekst Sytze de Vries
Oersetting Atze Bosch
Meldij Bertram Luard Selby-Whitsun*

Gebed fan de snein

1^e lêzing troch de lektor Preker 2: 1 – 6 + 11

Underfining mei it genot

1 Ik tocht by mysels: no dan, besykje it mei de wille en genietsje fan it goede. Mar sjoch, dat wie ek neat. 2 Fan it laitsjen moast ik sizze: ûnsin! En fan 'e wille: Wat makket it út? 3 Ik haw besocht myn lichem te ferkwikken mei wyn, mar dan sá, dat it ferstân baas bleau; om de dwaasheid benei te kommen, dat ik sjen koe wat goed foar de minske is om by de ein te hawwen ûnder de sinne, dat koarte skoft, dat er op ierde is.

Underfining mei in drok libben

4 Ik ûndernaam grutte dingen. Ik boude my huzen en plante my wyngerts, 5 ik lei tunen en parken oan, plante der allerhanne fruchtbeammen yn, 6 ik groef my wetterfivers om in bosk jonge beammen mei te befloeiien..... 11 Mar doe 't ik my kearde nei alle wurken dy 't myn hannen bewrot hienen, en al dat skreppen en skuorren dat ik dien hie, sjoch it wie allegear neat en jacht meitsjen op 'e wyn en neat is der te winnen ûnder de sinne.

Sjonge: Kw.koar Liet út Hertslach nr. 111 Net mei rykdom, net mei kennis.

1 Net mei rykdom, net mei kennis,
net mei oansjen of genot
keart in minskebern syn lot –
earder as syn saak ferlern is
sykje him al hún en spot.

2 Mei syn ear en goede namme,
wittenskip of bylkjend guod,
ja, mei wat in mins beskuort,
wurdt er sûnder mis beskamme:
yn in omsjoch is it fuort.

3 Watsto ek mei muoite sikest,
nergens fynst hjir oait in skat
frij fan skilfer, rust of mot.
Sjoch dan datst dysels ferrikest
mei de jeften jûn troch God.

4 Gun dyn each mar wat te sjen is,
lit dyn hân dwaan wat er docht,
prakkeseanje dij net sljocht –
wa't noch iepen as in bern is
krijt de dingen om'e nocht.

Tekst Eppie Dam

Muzyk Hindrik van der Meer

De gelikenis fan 'e rike dwaas

15 Fierder sei Er tsjin harren: Tink derom, hoedzje jim foar alle begearigens, want foar gjinien giet it libben ôf by wat er besit, al hat er noch sa folle. 16 Op in kear fertelde Er harren dizze gelikenis. It lân fan in ryk man hie it ris tige dien. 17 Doe frege er himsels ôf: hoe moat ik dêr mei oan? Ik haw ommers gjin romte genôch om de frucht te bergjen. 18 Hy sei: Dit sil ik dwaan. Ik sil de skuorren dy 't ik haw, ôfbrekke en gruttere bouwe. Dan slach ik dêr al dat iten en myn oare guod yn op. 19 Dan sis ik tsjin mysels: Man, do hast no in skoandere foarrie te lizzen, foar gâns jierren genôch, nim it der no mar ris fan, yt en drink en wês fleurich. 20 Mar God sei tsjin him: Dwaas dysto biste, dizze nacht noch wurdt dyn libben opeaske. Watst beskrept hast, foar wa sil dat wêze? 21 Sa giet it mei ien dy 't foar himsels skatten garret, mar net ryk is by God.

Sjonge: Liet 718: 1, 2, 3 en 4 God, dy 't de ierde 't libben biede

1 God, dy't de_ierde
't libben biede,
frucht fan greide_en gea
en fan ripe bouwen –
tank foar wat Jo jouwe,
tank foar 't deistich brea.

2 By ús folle
skuorre_en golle
leare Jo ús dit:
wol de earmen fiede,
dat op hiel myn ierde
nimmen hongere lit.

3 Mar, wy riken,
och, wy blike
sletten foar in oar.
Doch ús earen iepen,
Hear, dat wy begriepen
't klopjen op ús doar.

4 Lit ús drage
yn ús dagen
fruchten rynsk en rij,
dat yn al ús wurken
wy de geunst bemurken
fan jo hearskippij.

Tekst Ad dan Besten

Oersetting Douwe A. Tamminga

Meldij Willem Vogel

Oertinking

Sjonge: Liet 313: 1 Us wol Gods wurd allinne

1 Us wol Gods wurd allinne
in skat fan wiisheid jaan.
Haw moed, want jimme kinne
de reis dêr wol mei dwaan.
Dat wurd wurdt mear en mear,
wêr't ek jim wegen wine,
in lampe ljocht en klear,
en elk sil dêryn fine
it antlit fan de Hear.

Tekst Jan Korytansky

Oersetting Cor Waringa en Douwe A. Tamminga

Tank- en foarbeden - stil gebed

meiinoar sjongend bidde: God fan fier en hein, ús Heit (Hertslach 117)
allegear 1,3,5 koar 2, 4

1 God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2 Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wij sykhelje ferromme.

3 Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wij misdiene,

sa't ek wij ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4 Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wij yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan'e kweade.

5 God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

Tekst Eppie Dam

Muzyk Hindrik van der Meer

Oankundiging kollekte troch de diaken

1e kollekte – Moldavie – projecten Kerk in Actie

Door de hoge werkloosheid in Moldavië werken veel mensen in het buitenland. Kinderen en ouderen blijven achter en krijgen thuis niet de zorg en aandacht die ze nodig hebben. In de twee opvangcentra van de christelijke organisatie Bethania krijgen ze dat wel. Kwetsbare kinderen worden na schooltijd opgevangen en krijgen eten en drinken en hulp bij hun huiswerk. Ouderen kunnen in de opvangcentra terecht voor een gezonde maaltijd, gezamenlijke activiteiten en basisvoorzieningen. Moldovan Christian Aid ondersteunt kerkelijke gemeenten bij hun diaconale initiatieven en traint jongeren zodat ze ouderen kunnen helpen.

2e kollekte – Nijkleaster

Nijkleaster wol in nij kleaster foarmje yn it doarp Jorwert. It doel is om in plak te kreëarjen dêr't minsken har yn alle rêst werom lûke kinne om har te besinnen en om op adem te kommen. Tagelyk is it in plak dêr't minsken elkoar moetsje yn liturgy en petear, stilte en pelgrimaasje, wille en rekreaasje. Sa wurdt der yn Nijkleaster socht net nije wegen foar it evangeelje en wurdt der in oandiel levere oan persoanlike, tsjerklike en maatskiplike fernijing.

Gift kin oermakke wurde nei College van Diakenen Easterein,
NL71RABO0349 5066 55 u.f.f, it kollektedoel.

Sjonge: Liet 418 God skink ús de moed 1, 3 allegear, 2 koar

1 God, skink ús de moed
ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed
útinoarren driuwe.
Jo sill' dei oan dei
oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen
draacht jo seine mei.

2 Wa't dat priuwe mei
siket nije wegen,
seine bringt ús nei
dy't om frede freegje.
Jo geskink wurdt mear
as wy harkje kinne
en meidielsum binne,
fruchtber yn de Hear.

3 Frede, mei de died,
jouw' Jo ús yn hannen,
dat wy dy as sied
drage troch de lannen,

siedzjend dei oan dei,
siedzjend yn it brede,
oant ús hert yn frede
by Jo rêste mei.

Tekst Dieter Trautwein
Oersetting Margryt Poortstra

It koar sjongt de Fryske seine: Dat it paad op dy ta komt.

Dat it paad op dy takomt en de wyn de goede kant út waait
dat de sinne blier dyn antlit beskynt, de rein dyn lannen myld bedript.
En oant wy elkoar wer moetsje, oant wy elkoar wer moetsje,
meist burgen wêze yn de palm fan Gods hân.

Tekst St. Patrick
Oersetting Hindrik van der Meer

Seine + Amen sjonge (allegear)

Gemeente giet sitten

Oargelspul: Praeludium in G - Dur BWV 568
Johann Sebastian Bach (1685 – 1750)

Kollekten by de ûtgong